



Amendement ex art. 35 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Heerenveen

Fan : Ate Eijer - FNP

Oan : De foarsitter fan de ried

Agindapunt : **Perspektyfnota 2021**

Underwerp : **Kultur - net besunigjen op organisaasje mar bouwen ferkeapjen ombuging 53a**

De ried yn iepenbiere gearkomste byinoar : **8 july 2021**

Stelt de wiziging fan it foarstelde útstel foar:

- ombuging nr 53a te skrasen en oan te passen

Taljochting:

De gemeente Heerenveen is in sportgemeente mar wol ek in kultuurgemeente wêze. Dit docht net bliken yn it belied. By besunigingen wurdt der wol sjoen nei kultuer mar net nei sport. Dat wie yn it ferline sa en dat is no ek wer it gefal. Op 'e nij krije de kultuurorganisaasjes, dy't aktyf binne foar de eigen ynwenners, de opdracht om, dit kear, 2 ton te besunigjen op de organisaasje. Sjoen de erfaringen fan de lêste jierren en de soms moeilike gearwurking tusken dizze organisaasje wurdt dit in drege taak. In oare oplossing is om net te besunigjen mar om gebouwen te ferkeapjen. Bygelyks de Rinkelbom. Ek kin der sjoen wurde nei it Posthûs.

Beslút:

- De foarstelde ombuging 53a op side 24 te skrasen en oan te passen mei de folgjende tekst:

~~Het voorstel is daarom om de culturele partners een opdracht mee te geven om vanaf 2023 een bedrag van € 200.000 als ingeschat inverteerbaar effect op te nemen voor organisatie & management, programmeringen en huisvesting. Bij de afbouw van de subsidie houden we rekening met frictiekosten. De ombuiging is in 2025 in zijn geheel geëffectueerd.~~

De ried by it fêsstellen fan de begrutting fan 2022 in útstel te dwaan oer de mooglike ferkeap fan de Rinkelbom en/of it Posthûs.

Yntsjinne troch: FNP

Dit amendemint is:

☐ Oannommen ☐ Fersmiten ☐ Yntrokken

Stimferhâlding:

.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):

.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

Hântekening griffier: